

CATHARINA LAUTENBACH

FÛGELS YN ÛS

KOARTE FERHALEN



BORNMEER

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan de Provinsje Fryslân.

© 2021 Catharina Lautenbach | útjouwerij Bornmeer

Foarmjouwing: Laura Langendijk, Studio Druk

Printwurk: Wilco, Amersfoort

ISBN 978 90 5615 825 5

NUR 524

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder dat dêr skriftlike tastimming oan foarôf giet fan útjouwerij Bornmeer, postbus 234, 8400 AE De Gordyk, Nederlân – info@bornmeer.nl.

Bornmeer is in ymprint fan

20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

www.bornmeer.nl

*Mei tank oan
myn broer Jan en suster Hilleke*

Ynhâld

<i>De bile fan Jagersma</i>	9
<i>Fakânsje</i>	15
<i>De heit fan Kalle</i>	24
<i>De begraffenis</i>	27
<i>Sprútsjes</i>	35
<i>Unfolsleine tiid</i>	39
<i>It kado</i>	41
<i>Kattewinst</i>	46
<i>De hân oan de ploech</i>	55
<i>Ta ús behâld</i>	61
<i>Rekkendei</i>	66
<i>Swier</i>	80
<i>Gjin begripen oan</i>	81
<i>Stim</i>	88
<i>Oftanke kalkoen</i>	99
<i>It geheim</i>	101
<i>It aapke</i>	111
<i>Probleem</i>	117
<i>Goddeleas leauwe</i>	119

De bile fan Jagersma

Hy flijde de bile tusken it lewant en syn matras. Dêrnei lei er him del en telde oant trije. Op de trije skeat syn linkerhân fansiden, syn rjochter fleach der efteroan en hy makke in draai nei de iepening fan it bedstee. Hy swaaide de bile omheech, klear om ta te slaan. It koste heechút twa sekonden, skatte er. It grutste risiko siet him deryn, dat hy net op 'e tiid wakker wurde soe.

Bang wie hy net. De bern hienen der op oantrune dat hy syn jild op de bank sette soe, mar hy soe wol goed gek wêze as er dat advys opfolge. Dat wie yn dizze tiden itselde as fuortjaan. De hege lju spekten harren eigen beurs en mei jammerjen, crises en ynternasjonale spannings rjochtfeardeigen se dat earlike sparsinten ferdwûnen as snie foar de sinne. Wat dat oanbelange wienen syn bern nayf. Sy fertrouden de minskheid mear as harren eigen heit.

‘Ik trou mei Jitske,’ sei hy.

De bern ferblikten.

‘Dat kin heit net meitsje.’

De stim fan syn âldste skeat him temjitte as in pylk út in bôge. Hy wykte wat nei efteren, mar de wurden troffen him likegoed. It waard stil. Syn dochter wreau senuweftich oer

har rok.

‘Is heit mem nó al fergetten?’

Hy seach nei syn bern. Wat wisten sy fan langst nei it ferline, fan it gemis en de grouwel? Sy koenen him net.

‘Sy is swier,’ sei er.

Hy kipe troch de eachteisters nei harren gesichten en reaksjes. Hy hie likegoed in bom yn harren fermidden goaie kind.

‘Is heit hielendal gek wurden?’ rôp syn jongste soan.

Krekt oft in bytsje gek noch te fernearen wie, mar hy no de grins oer gie. Heiten hearden gjin bern te meitsjen.

Syn âldste klonk driigjend.

‘As heit dat docht, dan gean wy... dogge wy... Heit moat net tinke dat wy it hjir mei iens binne.’

Wat bedoelde de jonge eins? Wie hy it der net mei iens dat syn heit syn ferantwurdlikheid naam foar it bern dat er makke hie? Hy fielde in nuver nokkerjen yn syn liif.

Hy troude net. Jitske gie fuort. Der kaam gjin nije faam.

It spiet him net alle dagen, sa wie it no ek wer net. Mar yn de wykeinen wie it it minste. It hie goed wêze kind. Sy koe poerbêst itensiede. Sy liet him syn gong gean en seurde net oan syn kop; ûnderwilens wie sy waarm en soarchsum en wat koe in man fan syn leeftiid mear winskje? De jonge, ja. Hy hie de bern de poat dwers sette moatten, betocht er opstannich, dan hie er alle middeis goed te iten hân, in waarm liif om yn it bedstee tsjinoan te krûpen en in bernelûd om him hinne dat him, wa wit, jonger makke hie.

It metaal fan de bile wie kâld. Syn fingers skampten it skerp. Kom mar op, ik lêst jim rau, sei hy lûd. Dû bist in lefbek, flústere in oare stim yn him. Mei oandacht flijde hy de bile

wer tusken it lewant en it matras. Hy moast jild apart lizze foar de jonge.

*

Hy seach dat der wat oan de hân wie. Yn de fierte stie in kliber jonges en harren bewegings wienen oars as oars. Hy hearde Hindrik syn stim boppe alles út. Hy sette it op in rinnen en dreunde suver tsjin syn kammeraten op. Sy wisten wat hy noch net wist en dat sette him op efterstân. Hindrik liet de spanning oprinne.

‘Dû riedst it nea.’

‘Kom op man, wat is der no?’

De oaren seagen inoar oan. Sy gnysken wat. Om him, of om wat der bard wie? Hindrik koe it net langer foar him hâlde.

‘Sy ha boer Jagersma de harsens ynslein.’

‘Nee,’ sei hy ûnleauwich.

‘Ja wier,’ sei Hindrik. ‘Mei in bile. It skynt dat it syn eigen bile wie. De kop dwers troch midden.’

De jonges huveren. Einlings barde der wat yn it doarp dat de muoite wurdich wie. Elkenien begûn troch inoar te praten. Dy aparteling fan in Jagersma. It wie syn eigen skuld. Wie de plysje de dieders al op it spoar? Ien fan harren sei dat se der hinne moasten. Dat útstel hoegde net besprutsen te wurden – sy wienen al op paad, bluisterich, en gisjend nei de tadracht fan it gefal en de mooglike dieders. De pleats fan Jagersma lei krekt bûten it doarp, in bytsje efterôf, mei sleatsjes deromhinne. Om der te kommen, moasten sy in brechje oer, en in lange leane fan wol twahûndert meter. It wie in hite maaiede en beswit fan it hurde rinnen kamen sy by it brechje. De leane wie lykwols ôfsletten mei linten en

in plysjeman hold harren tsjin. Dat wie in ôffaller. Hindrik besocht de plysjeman ynformaasje te ûntfotseljen, mar de man hold de kaken stiif opinoar. Doe't Hindrik him wat al te bot provosearre, biet hy harren ta:

‘Er is een moord gepleegd; de plaats delict moet afgeschermd worden. Wegwezen hier!’

Mem wie dwaande de wask op te hingjen. Se drukte de peal mei de line omheech. De lekkens wapperen yn de waarme wyn.

‘Se ha boer Jagersma fermoarde,’ sei hy fuortendalik.

Se liet de handoek falle en seach him mei grutte eagen oan.

Hy fertelde wat er wist: se hienen Jagersma dy nacht mei in bile de harsens ynslein en der soe gjin gûne mear yn syn wente te finen wêzen. Wa't dy se wienen, dat wist gjinien fansels. Ta syn ferbjustering begûn mem te gûlen. It wie slim, wis, mar dêr hoegden jo dochs net om te gûlen? It heugde him net dat hy mem ea earder snotterjen sjoen hie.

‘Sa slim is it no ek wer net?’ besocht er ûnhandich, mar dat help net.

‘Och jonge dochs,’ sei se, kaam op him ta en omearme him. Se klamme him tsjin har oan. Syn gesicht drukte tsjin har boarst. It fielde ûngemaklik en hy wraksele him los fan har greep. Sy seach him oan mei in blik dy't er net thúsbringe koe. Hy draaide him om en rûn it hiem ôf.

Sy stienen lâns it Tsjerkepaad te wachtsjen. Se wienen net de iennigen dy't op dit idee kaam wienen. It like wol oft it hiele doarp útrûn wie. Blykber wie it oantreklik tsjûge te wêzen fan de lêste gong fan ien dy't fermoarde wie. It leafste hienen de omstanners it lid fan de kist skroevje wold om de

ferbrizele holle fan de rike boer te sjen, om in ûnsisber gefoel fan rjochtfeardigens troch de ieren floeien te fielen: de earne libjenden tsjinoer de berôve deade. Earne strookte it dan dochs allegear.

De jonge stie fan de iene skonk op de oare te wibeljen. Hy moast nedich, mar woe net it risiko rinne om wat fan it spektakel te missen. Dêr kaam de kiste al, tôge troch seis buorlju dy't har neisteplicht dienen. Har earmoedige pakken wienen oplape en de huodden stienen skots en skeef op de hollen. De bern fan Jagersma rûnen efter de kiste, folge troch twa bruorren fan de ferstoarne en fierdere famylje. Hindrik preuvele:

‘Dy sille fertriet ha. Gjin sint mear te makken.’

Hy ûnderdrukte syn laitsjen. Der wienen mear minsken dy't mienden wat fan har tinzen diele te moatten mei oaren, want der gong in weach fan lûd troch de mannichte. Spekulaasjes oer wa't it dien hie oant en mei de grutte fan it stellen fermogen giene om. De tsjerkeklok lette swier en stadich.

Ynienen seach ien fan de soannen fan Jagersma fansiden; syn blik gong oer de keppel en bleau ien ynkringend momint by de jonge stykjen.

De jonge fiede dat hy read waard. Hy seach fuort, nei de skeve huodden fan de dragers en it grint op it paad. Efter him hearde hy in frou flûsterjen. Hy seach efterom; it wie de frou fan de bakker. Sy mûskoppe mei in buorfrou en seach him hastich oan. In net te ferklearjen lulkens oerfoel him. Wat stie dat minske dêr no dom te kletsen? Hy woe har op har stomme kop timmerje oant sy stjerkes sjen soe.

‘Kom, ik ha it hjir no wol sjoen,’ sei er tsjin Hindrik, ‘litte wy fuortgean. Ik hoech der net by te wêzen as sy him ûnder de grûn stopje. Dêr falt dochs neat by te belibjen.’

Tsjin de jûn slintere er nei hûs. De sinne lei it lân yn in giele gloede. Sa no en dan glied in skaad oer de lannen as in grutte wolk foarby sylde. Dat heit en mem syn pleechâlders wienen, hie him nea boeie kin. Sy wienen goed foar him, sy holden fan him as fan in soan en in oar thús hie er nea kend. Hy hie neat frege en der wie neat sein. No trof de wierheid him lykas de bile Jagersma troffen hie.

Fakânsje

Alle dagen fyts ik middeis út it wurk wei nei ús mem ta om in kopke tee mei har te drinken. Meastentiids ferjit se it pûdsje der op 'e tiid út te heljen, sadat de tee roetswart is, dat ik moat wach bliuwe om yn te gripen.

Hjoed plof ik yn 'e stoel del, wurch fan drokke bern en eameljende kollega's. Wylst mem praat oer minsken dy't ik net ken en dy't my neat sizze, sjoch ik ynienen plakken op de muorre by it kokentsje.

'Hat mem it itensbakje wer yninoar trape?'

Mem sjocht ûnskuldich nei de muorre, krekt oft se fan neat wit en sels noch sjen moat wat der te rêden is.

'O, dat...' seit se.

'Wy hiene ôfpraat dat mem dat net dwaan soe. It wurdt in smoarge brot sa.'

Ik kom oerein, nim in doekje en besykje de plakken op 'e muorren te himmeljen. Reade koal noch wol, dat krije jo der nea wer ôf. Underwilens foeterje ik wat op mem.

'Ja, mar,' seit se, 'it itensbakje nimt oars sa'n soad romte yn de jiskepûde, en dan moatstû wer sa faak nei ûnderen rinne.'

Ik sjoch plakken fan nasy en reade byt en ynienen ha ik myn nocht. Mem trapet dy aluminium itensbakjes fan Tafeltje dekje hieltyd wer yn inoar, ek as der noch iten yn sit. Myn frou